

‘Frjentsjer, dêr’t de ferneamde Akademy fan ’e wiere kristenen stiet’

‘Franeckera, az igaz keresztyéneknek híres akadémiájuk benne’
[Márton Csombor Szepsi, *Europica varietas*, 1620]

Ferenc Postma

*Opdroegen aan prof. dr. Bálint Keserű, ta syn 70ste jierdei
(Szeged, 31.8.1997)*

Kurzfassung

In diesem Aufsatz wird ein erster Versuch gemacht die Frage zu beantworten, warum nach der Zerstörung von Heidelberg, im September 1622, die sogenannte ‘Peregrinatio hungarica’ sich von Heidelberg nach Franeker verlegt hat. Dabei hat der Empfehlungsbrief des damaligen Emder Pfarrers Abraham Scultetus, datiert vom 25. August 1623 und gerichtet an den ‘Rector magnificus’ und die Professoren der – 1585 gegründeten – Universität Franeker, offensichtlich eine wichtige Rolle gespielt. Dieser Brief blieb bis auf heute unbeachtet. Auch seine Verbindung mit Professor Sibrandus Lubbertus, dem führenden Theologen in Franeker, mit dem Scultetus schon Jahre lang befreundet war, und dessen Rolle in diesem Zusammenhang, wurden dabei in Betracht gezogen.

Ynlieding

Teloarsteld oer syn misbetearde missy nei Bohemen (1619–1620) en fertrielik om it ferrinnewearjen fan syn dierbere stêd Heidelberg (dêr’t er yn maart 1618 as professor foar it Alde Testamint beroppen wie),¹ waard Abraham Scultetus (1566–1624) noch yn it jier 1622 dûmny yn ’e East-Fryske stêd Emden.² Dêr, fier fan Heidelberg, soe er in jiermannich letter, op 24 oktober 1624, ferstjerre.

Hoe bot oft lykwols it trochsetten fan ’e Reformaasje syn omtinken hâlde, doch ûnder oaren út it neikommende blikken. As ein augustus 1623 fjouwer Hongaarske studinten – ‘Peregrini’ – yn Emden oankomme, ropt er dy by him thús in alderhertlikst



Osb. 1: Abraham Scultetus (1566-1624).

wolkom ta. De fjouwer komme út Bremen en wolle har reis nei Frjentsjer fuortsette, om dêr mei de stúdzje theology út ein te setten ("theologiae discendae gratia"). Om't dy 'Studiosi' oan net ien yn Frjentsjer kunde ha en Scultetus deroer yn sit, dat nimmen him dêr oer har úntfermje sîl, skriuwert er fuortdalik in pear oanbefellingsbrieven, ûnder oaren oan de *Rector magnificus* fan 'e universiteit te Frjentsjer. Troch de libbe-ne petearen ("inter confabulationes"), dy't dêrni folgen, fergeaten de "Hungari" lykwols om 'e brieven mei te nimmen en setten sadwaande sûnder oanbefellingsbrieven ("sine litteris") nei Frjentsjer ôf.³

Ubbo Emmius helpt

Noch dyselde deis – de 25ste augustus – stoert Scultetus de oanbefellingsbrieven nei syn kollega, de âlde professor Ubbo Emmius (1547–1625) yn 'e stêd Grins. Yn in begeliedend skriuwen fertelt er Emmius, wat dy deis ("hodie") bard is. Tagelyk freget er him om de brieven by de earste de bêste gelegenheid nei Frjentsjer te stoeren. Ut dat begeliedend skriuwen aan Emmius folgje no de relevante passaazjes:⁴

[...]

Nunc valde te rogo unum hoc.

Quatuor Hungari theologiae discendae gratia hodie hinc profecti sunt Franekeram. Literas commendatitias illis dedi ad rectorem, ad duos alios. Illi inter confabulationes nescio quomodo factum ut eas in mensa mea reliquerint. Neminem autem invenient, qui ipsorum curam suscepturus sit, si sine litteris eo venerint.

Per tuum igitur in studiosos amorem te plurimum rogo, ut prima quaque occasione Franekeram istas cures.

Praemium erit incrementum benedictionis etiam in senecta tua. [...] Optime vale, XXV. Augusti.

Hoewol't er it skriuwen earst mear as in wike letter krijt (op 3 septimber 1623),⁵ stoert Emmius yndied de – mei-inoar trije – oanbefellingsbrieven dalik troch fan Grins nei Frjentsjer. Wy litte de tekst fan Scultetus syn brief oan 'e *Rector magnificus* ("ad rectorem") hjir no graach folgje. Dêr moat noch by sein wurde, dat dat brief oan hjoeddedei ta net achtslein is en hjir foar't earst publisearre wurdت.⁶

Adres

Magnifico Rectori, celeberrimi et clarissimi Professoribus Academiae Franekeranae, Dominis et amicis reverenter colendis. Franekeram.

Magnifico Rectori, a.c.
celeberrimi et clarissimi
professoribus Academiae
Franekeranae. Domini
et amicis reverenter
colendis.

Franekeram.

Osb. 2: Adres op 'e oanbefellingsbrieven fan Scultetus. (Foto: Ryksargyf yn Fryslân)

13.

Magnifica Academie Rector,
Coactege & professor i Deni
& amicis reverandi.

A deo mihi placuisse nuper Humanitas uigilam &
trans uitas loci ius Hungaricis Brunni ageratly
autem fuerim in Academiam uigilans migrans. Ut
nivea igitur ex illis non quatuor isti: pars VOBIS
ita commendo, ut commendari eos dicam, & difce.
di gratiae tam longinquus tamq; periculosam
sit suscipiuntur. In primis exceptant, ut in conve-
nientia regium admittantur: quin magis ratiocinio
infructu non sunt, et ex parte obvia per Gallos
militis oppitati. Quod si hos bonisole fecer.
peribit, animabent populares fusi, & Academiam
vescam, sicut antea Heidelbergum, delapsam
sibi Hungari scelorum suorum operatores
Bon: felicitate in Deo valete, Magnifica
Rector, celestiori omnino Facultatum pro-
fessor. Embula xxv Augusti, 1623.

M. C. V.V.

abdicti fling
Abraham Sculetus ad.



Ofb. 3: Oanbefellingsbrief fan Sculetus, 25 augustus 1623. (Foto: Ryksargyf yn Fryslân)

Tekst

Magnifice Academiae Rector, caeterique Professores, Domini et amici venerandi.

Adeo mihi placuit nuper humanitas vestra et tranquillitas loci, ut Hungaris Bremae agentibus autor fuerim in Academiam vestram migrandi.

Venient igitur ex illis nunc quatuor isti, quos VOBIS ita commendo, ut commendari eos dicit, qui descendit gratia tam longinquum tamque periculosum iter suscepunt.

In primis exoptant, ut in contubernium vestrum admittantur, quia magno viatico instructi non sunt, et ex parte etiam per Gallos milites expilati.

Quod si hos benivole suscepitis, animabunt populares suos, ut Academiam vestram, sicut antehac Heidelbergam, deligant sibi Hungari studiorum suorum excultricem.

Bene feliciterque in Domino valete, Magnifice Rector, celeberrimi omnium Facultatum Professores.

Embda, XXV. Augusti 1623.

M. et C. V.V. addictissimus

Abraham Scultetus Θ.

Foar hokker lju oft de beide oare oanbefellingsbrieven fan Scultetus – “ad duos alios” – ornearre wiene, witte wy net. Dochs kinne wy der hast wol wis fan wêze, dat ien fan beide oan professor Sibrandus Lubbertus (ca. 1555–1625) rjochte wie, de *theologiae primarius*, dêr’t Scultetus al jierrenlang mei befreone wie en dêr’t er in geregelde briefwiksel mei hie.⁷ In dûdlike oanwizing is te finen yn in brief, dy’t Scultetus justjes letter – op 20 september 1623 – oan Lubbertus skriuwt.⁸ It liket wol of wie er noch net alhiel fan ‘e goede ôfrin oertsjûge, sa leit er oan ‘e ein fan syn brief Lubbertus nochris op it hert om tafersjoch te hâlden op ‘e Hongaarske ‘Peregrini’:

[...]

*Optime vale, Vir celeberrime, et tibi Hungaros nostros commendatos habe.
XX. Sept. [...]*

De fjouwer Hongaarske studenten, dêr’t it fan ‘t begin ôf om te rêden is, binne ûnderstusken al yn Frjentsjer oankommen. Har nammen en de mannichste fan har ymmatrikulaasje (de deis dat se as student ynskreun waarden) binne maklik werom te finen yn it fannijs – yn 1968 – publisearre *Album Studiosorum* fan ‘e universiteit:⁹

27 augustus 1623

AST 2050: Martinus Caba Teijffalui – [Hong.: Tejfalvi Csiba Márton]

AST 2051: Nicolaus Morolslakij – [Hong.: Mezőlaki Miklós]

AST 2052: Caspar Geleinus – [Hong.: Gelei Gáspár]

AST 2053: Paulus Nagij Tirnavius – [Hong.: Nagyszombati Nagy Pál]

Dat se yn Frjentsjer fuort al twa oare lânslju (‘Populares’) treffe – Caspar Korocz Szepsinus [Hong.: Szepsi Korocz Gáspár] en Valentinus Gathi Dobrai [Hong.: Dobrai Gáthi Bálint],¹⁰ dy’t tegearre al op 23 april 1623 ymmatrikulearre wurden wiene en sa’t it liket op eigen manneboet en eigen gelegenheid de reis ûndernommen hiene –

moat foar de fjouwer "Hungari" in grutte en dûbel-oangename ferrassing west hawwe.¹¹ Se hiene al kunde oan dy beide oare studinten fanwegen harren eardere mienskiplike stúdzjetiid yn Frankfurt aan de Oder, yn 1622.¹²

Frjentsjer as nij oriïntaasjepunt

Ut it foargeande is dûdlik wurden, hoe't Abraham Scultetus – nettsjinstande gâns teloarstellings – oanhâldend stribbe hat om it trochsetten fan de Reformaasje yn Europa te befoarderjen, benammen ek troch him streekrjocht dwaande te hâlden mei de – 'ferweesde' – Hongaarske 'Peregrini', nei de fal en it ferrinnewearjen fan Heidelberg (yn september 1622). Dat de universiteit fan Frjentsjer nei syn fêste oertsjûging in nij oriïntaasjepunt wurde moast foar de *Peregrinatio hungarica*, is *luce clarius* ôf te lie-den út syn offisjeel oanbefellingsbrief ("ad rectorem") fan 25 augustus 1623. Utsoarte is it doel fan dat brief foaral om in konkrete oanrikkemandaasje foar de fjouwer Hongaarske studinten út Bremen te wêzen, mar de ein fan it brief ferriedt ûnmiskener Scultetus syn wiere doel en oertsjûging: as dizze fjouwer mei goedwilligens ("benivole") úntfongan en talitten wurde, sil soks – en sille sy sels ek – har Hongaarske lânsju oantrúnje, om de Frjentsjerter universiteit as har 'Alma Mater' te kiezen, sa't earder ("antehac") Heidelberg dat west hie. Dat Frjentsjer tige gaadlik foar dat doel wie, sa skriwt er, hie er sels koartlyn ("nuper") by syn lêste besite fêststelle kinnen.¹³ De "humanitas" fan 'e professoaren en 'e rêt yn 'e lytse Fryske stêd ("tranquillitas loci") hiene him wakker foldien. Sa goed sels, dat er ûnder tusken alle Hongaarske studinten, dy't yn Bremen tahâlden,¹⁴ mei clam oanret hie om nei Frjentsjer ôf te reizgjen ("ut Hungaria Bremae agentibus autor fuerim in Academiam vestrâm migrandi").

Scultetus syn noed, dat net ien him te Frjentsjer oer de fjouwer "Hungari" út Bremen úntfermje soe, hie, sa die bliken, gjin grûn. De fjouwer studinten waarden – sa't wy al seine – al op 27 augustus 1623 "benivole" yn it *Album Studiosorum* ynskreaun, noch foar't syn (trije) oanbefellingsbrieven yn dy stêd oankamen. Dochs moat syn offisjeel oanbefellingsbrief ("ad rectorem") gâns yndruk op 'e professoaren yn Frjentsjer makke hawwe. Dat brief sil har net allinne oertsjûge hawwe fan it drege stik, dêr't de *Peregrinatio hungarica* yn bedarre wie, mar har der ek bewust fan makke ha, hokker ferantwurdlike rol no – nei Heidelberg – oan 'e universiteit fan Frjentsjer foar-behâlden wie.

Mei hoefolle ferdach oft de professoaren – de ieuwen troch – dy ferantwurdlikens opfette hawwe, docht ûnder oaren bliken út de mannicthe fan yn Frjentsjer printe 'Hungarica', dy't ûnder har lieding ta stân kamen.¹⁵ Ek har hâlding foar de 'Peregrini' oer feroaret yn 'e rin fan 'e tiid net wêzentlik. Sa gastfrij't sy de fjouwer – yn ferhâlding earme ("magno viatico instructi non sunt"), dy't foar in part sels oan reapsein wiene ("per Gallos milites expilati") – "Hungari" út Bremen úntfongan, sa soe 't ek gean mei de lêste Hongaarske studint, dy't him by har oantsjinne, 'benivole'.

Sa waard troch Scultetus syn krewearjen en de passende reaksje fan 'e Frjentsjerter professoaren, de *Peregrinatio hungarica* – 'bene feliciterque' – fan Heidelberg nei Frjentsjer ferlein. Noch yn itselde jier (1623) kamen – op syn minst – fiif oare Hongaarske studinten yn it lytse Fryske stedsje oan, yn 1624 soene nochris, en mar leafst 28 'Peregrini' folgje.

Sibrandus Lubbertus

De rol, dy't Scultetus syn freon Sibrandus Lubbertus yn Frjentsjer by wat krekt beskreaun is spile hat, mei net lytsachte wurde. It ferrinnewearjen fan Heidelberg (dér't er sels yn 1587 ta *theologiae doctor* promovearde wie)¹⁶ moat ek him nei oan it hert gien wêze. Der is gjin mis op, dat er dér ek mei Scultetus – by dy syn besite – oer praat hat. Dat Scultetus yn dy krisissitewaaasje (fannijs) in berop op him docht, sil him grif noch mear oantrune hawwe om syn autoriteit – as nestor – yn 'e professoare-rûnte yn it belang fan 'e Hongaarske studinten yn te setten. Dér mei net by fergetten wurde, dat Lubbertus as *lumen theologiae* yn it fermidden fan 'e oanhingers fan 'e Reformaasje sels heech yn oansjen stie en in rûnom bekende persoanlikheid wie. 'Frjentsjer' mei oant dan foar de studinten út Hongarije sa goed as *terra incognita* west hawwe, de rop dy't fan Lubbertus – en dérmei ek de Frjentsjerter universiteit – útgie, wie al lang by har bekend (sjoch de útspraak fan Márton Csombor Szepsi, dy't datearret út 1618).¹⁷ Dat lêste sil de 'Peregrini' ek frijwat ynspiraasje jûn hawwe om de reis nei it fiere Frjentsjer te ûndernimmien.



Ofb. 4: Sibrandus Lubbertus (ca. 1555–1625).

Dat it yn 't foarste plak Lubbertus wie dér't it de Hongaren wat Frjentsjer oanbelanget om te rôden wie, docht nochris dûdlik blicken yn 1624. Yn dat jier, op Pinkster ("ipso die Festo Pentecostes", oftewol op de 26ste maaie), stoert de bekende Albert Szenci Molnár (1574–1634)¹⁸ Lubbertus in eksimplaar fan syn – krekt printe – Hongaarske oersetting fan Kalvyn syn *Institutio christiana religionis* (Hanoviae 1624).¹⁹ Dat boek docht er presint oan de bibleteek fan 'e Frjentsjerter universiteit, sa't út de wiidweidige, hânskriftlike opdracht fan 'e oersetter blicken docht.²⁰ Graach litte wy hjir de tekst fan dy (oan no ta sa goed as ûbekend bleaune) opdracht folgje:

Hunc librum Serenissimi Principis
Gabrielis jussu, Haydelbergae aerumnabi-
li labore Ungarice versum, tandem post
naufragium, Hanoviae in exilio, typis edi-
tum,

*Illustri Academiae Franekeranae, gratulans in eam popularium suorum ingressum, ac
felicem adventantibus quoque precans successum, ac in ejusdem Academiae Biblio-
thecam petens liberum introitum,*

*amanter et observanter bonique ominis ergo
offert et dedicat Lib. M. Q.
Albertus Molnar Interpres.*

Per manum

Venerandi Academiae ejusdem Antecessoris,

Domini Doctoris Sibrandi Lubberti, S.S. Theologiae Professoris clarissimi ac Veritatis Divinae assertoris integerrimi.

Anno Christi Servatoris, [Anno] 1624.

Ipsò die Festo Pentecostes.

Behalve nijsgjirrige ynformaasje oer de tûkelteammen dy't anneks wiene mei it ta stân kommen fan dy Hongaarske oersetting ("aerumnabili labore")²¹ jout de opdracht oan, hoe heech oft Lubbertus by Molnár yn oansjen stie. Net allinne as mins, mar benammen ek as "ferdigener fan 'e Godlike Wierheid foar alles". Om dy ferdigening fan 'e Godlike Wierheid – dy 'Veritatis Divinae assertio' – is it de 'Peregrini' sels ek te rôden en yn Lubbertus fûnen sy wat dat oanbelanget in Ijochtsjend foarbyld. Dat lêste docht daliks al blikken út ien fan 'e earste oefendisputaasjes fan Hongaarske kant dy't ûnderwilens ûnder Lubbertus syn lieding ferdigene wie: Mezôlaki syn disputaasje "contra Arianos hostes et oppugnatores gloriae Christi", oftewol syn wjerlizzen fan ('e opfettings fan) de sânbôarchske unitariër György Enyedi (ca. 1555–1597) en oare antytrinitariërs (sjoch de folseine titel híjirunder).

It momint, dat Molnár syn 'versio hungarica' nei Frjentsjer stjoerde, is oars grif net tafallich sa keazen. Begjin juny 1624 soe Lubbertus nammentlik mei syn funksje fan *Rector magnificus* út ein sette. Yn syn opdracht winsket Molnár de Frjentsjerter universiteit net allinne fan herte lok mei de 'yntocht' ("ingressus") fan syn Hongaarske lânsju, mar sprekt er tagelyk de hertstochtlike winsk út, dat noch gâns oaren – *feliciter* – folgje meie ("successus"). Mei dy lêste wurden wiist er Lubbertus fyntsjes op de grutte ferantwurdlikheid, dy't er troch syn rektoraat op him nimt, net yn 't lêste plak mei it each op 'e Hongaarske studinten, dy't noch komme moatte.

Oft Molnár en Lubbertus inoar persoanlik kend hawwe, is út de – hoflike, mar formeel stelde – opdracht net op te meitsjen. Wy binne der ek net alhiel wis fan, oft Molnár datoangeande yn opdracht fan 'e sânbôarchske foarst Gábor/Gabriël Bethlen (1580–1629) hannele hat. Mar de ynliedende meidieling "Serenissimi Principis Gabrielis jussu" ("yn opdracht fan de tige trochloftige foarst Gabriël") kin wat dat oanbelanget wol as in wat dûbelsinnige, hast 'diplomatike' oanwizing opfette wurde. Boppedat rjochtfeardiget de eardere besite fan Molnár oan it politike sintrum Den Haach (yn 'e simmer fan 1623) sa'n oanname.²² Dat Molnár al in soad oer 'Frjentsjer en Lubbertus' heard hie, is lykwols wis. Troch syn deiwoekoantekenings witte wy, dat er oant dy syn dea (Heidelberg, 8 septimber 1603) mei Petrus Felckmannus (Felckeman, ek Falkmannus) befreone west hie.²³ Dêrmei is tagelyk de namme fan 'e earste sânbôarchske studint neamd, dy't as ienling op 25 juny 1597 – dus mear as 400 jier lyn! – te Frjentsjer ynskreun waard.²⁴ Syn tahâlden yn it lytse Fryske stedsje – yn maart 1598 is er wer werom yn Heidelberg – sil grif oan 'e goede namme fan 'e universiteit te Frjentsjer bydroegen hawwe.

By einsluten

As lêste: As Sibrandus Lubbertus begjin jannewaris (10./11.) 1625 ûnder syn rektoraat ferstjert, hat er mei-inoar 17 Hongaarske studinten yn it *Album Studiosorum*

ynskreaun. Op syn minst fjouwer hawwe yn 1624 ûnder syn lieding yn it iepenbier oftewol publikelik (*publice*) disputearre. Twa fan harren (Mezôlaki en Gelei) hearre ta de fjouwer studinten út Bremen, dêr't de yntocht fan 'e "Hungari" ein augustus 1623 earst echt mei begûn is:²⁵


1/1624.1 *Disputatio theologica de Jesu Christo Filio Dei, contra Arianos hostes et oppugnatores gloriae Christi. Resp. Nicolaus Mezôlaki, Ungarus, die 24 Mart.* Franekerae, Uldricus Balck, 1624. 4°; [20] s.

Opm.: Cluj <R RMK 606/g> - AST 2051. - Postma, *Disputationes*, s. 97 (Addendum 2). - RMK III 1361.

1/1624.2 *Disputatio theologica de libris canoniciſ. [Resp.] Caspar Korocz Szepsinus, Ungarus, ad diem 24 Mart.* Franekerae, Uldricus Balck, 1624. 4°; [24] s.

Carm.: Caspar Gelei (lat.); Paulus Nagy Tirnavius (lat.).

Opm...: OSzB <RMK III 1361/a> - AST 2006. - RMKP 7572.



Ofb. 5: *De disputaasje dy't Caspar Gelei ferdigene ûnder Sibrandus Lubbertus yn 1624.* (Foto: Hongaarske Nasjonale Bibleek)

1/1624.3 *Disputatio theologica de praedestinatione.* [Resp.] **Caspar Gelei, Ungarus**, 6 Cal. Apr. Franekerae, Uldricus Balck, 1624. 4°; [20] s.
Carm.: Caspar Korocz Szepsinus (lat.); Petrus Eôse Maxai (lat.).
Opm.: OSzB <RMK III 1358/a> - ASt 2052. - RMKP 7571.

1/1624.4 *Disputatio theologica de gratia et libero arbitrio hominis.* [Resp.] **Stephanus Sz. Caroli, Ungarus, ad diem 2 Oct.** Franekerae, Fredericus Heynsius, 1624. 4°; [28] s.
Carm.: Pierius Winsemius (lat.).
Opm.: Cluj <R RMK 606/i> - ASt 2133. - Postma, *Disputationes*, s. 97 (Addendum 1). - RMK III 1359. - Yn *Dedicatio*: Steph. Sz. Carolinus.

Yn it foargeande hawwe wy in earste begin makke mei it besykjen om de oarsprong fan 'e *Peregrinatio hungarica* nei Frjentsjer te beskriuwen: Abraham Scultetus' initiatyf en syn ynset, syn freonskip mei Sibrandus Lubbertus en, net yn 't lêste plak, dy syn rolle yn 'e gearhing fan beide saken.²⁶

(Dit artikel ferskynde earder – yn in wat koartere foarm – yn it Dútsk, yn: Mihály Balázs e.o. (red.), *Móvelűdési törekvések a korai újkorban. Tanulmányok Keserű Bálint tiszteletére* ['Kulturelle Bestrebungen in der frühen Neuzeit': Festschrift für Prof. Dr. Bálint Keserű (JATE–Szeged) zum 70. Geburtstag], Szeged 1997, s. 487–495. De Fryske oersetting is fan Beart Oosterhaven..)

Noaten

1. Ferl. Toepeke, *Die Matrikel der Universität Heidelberg*, bân II, s. 288.
2. Scultetus kaam op 1 oktober 1622 yn Emden oan, sjoch dêrfoar: Benrath, *Die Selbstbiographie des Abraham Scultetus*, s. 100–103 (Appendix). Heidelberg foel op 6 september 1622, ferl. Toepeke, *op. cit.*, bân II, s. 306 (noat 1). Sjoch yn dat ferbân ek Benrath syn okkerdeis ferskynde biografy fan Scultetus, yn: *Biographisches Lexikon für Ostfriesland*, bân I, s. 315–317, s.v. Oer Scultetus syn besite oan Frjentsjer hat er it net, likemin seit er wat fan dy syn ynset foar de Hongaarse studinten. Noch yn 1624 soe Scultetus syn *Exercitationes evangelicae, liber primus et secundus* te Frjentsjer printe wurde, mei in “Index rerum et verborum”, dy’t gearstald wie troch de Fryske studint Duco Pierii. Yn ‘e “Praefatio” (datearre Emden, 12 maaie 1624) rommet Scultetus de fertsjinsten fan ‘e Frjentsjerter heechlearaar Sixtinus Amama (eksimplaar yn myn privee-kolleksje (FP)).
3. Ferl. Van der Woude, *Sibrandus Lubbertus*, s. 405. Sjoch dêrfoar ek s. 509–510.
4. Sjoch dêrfoar: Brugmans–Wachter, *Briefwechsel des Ubbo Emmius*, bân II, brief nû. 451, s. 255–256. Hoewol’t dat brief dus al folle earder bekend wie, wurdt syn “Sitz im Leben” no krek alhielendal dûdlik.
5. Ferl. Brugmans–Wachter, *op. cit.*, bân II, s. 256 (noat 2).
6. Sjoch dêrfoar: Argyf fan ‘e eardere universiteit te Frjentsjer (1585–1811), ynvent. nû. 107. Yn: Ryksargyf yn Fryslân, Ljouwert.
7. In stikmannich brieven binne te finen by Benrath, *op. cit.*, Beilagen nû. 17, nû. 18 en nû. 20.
8. Sjoch dêrfoar: British Library, London, *Add. Ms. 22962*, fol. 246. Ferl. *Briefsamling S.A. Gabbema*, brief nû. DCVIII, Kod. I, s. 1094–1095, yn: Provinciale Bibliotheek fan Fryslân, Ljouwert. Dat brief waard spitsgernôch mei ‘s.l.’ en ‘s.a.’ oannurken, mar moat op it jier 1623 steld wurde. – N.B. Wichtich is ek it begin fan it brief: *S.P. Vir venerande. Benevolentiae et humanitatis tuae paecones dimisi ex Franeker, quando ego generque dimissi.* Dêr wiist Scultetus nochris mei nei syn lêste besite, koartlyn (“nuper”) oan Frjentsjer. Sa’t bliken doch, wie er dêrby yn it selskip fan syn skoansoan (“gener”), sjoch ek ûnder noat 22.
9. Ferl. Fockema Andreea–Meijer, *Album Studiosorum Academiae Franekerensis (1585–1811, 1816–1844)*, s. 72. N.B. Ofk.: ASt (mei it nûmer fan ‘e ymmatrikulaasje). – De fjouwer “Hungari” lieten har ynskriuwe ûnder it rektoraat fan professor Arnoldus Verhel.
10. Sjoch dêrfoar: ASt 2006 en 2007. Beide lieten se har ymmatrikulearje ûnder it rektoraat fan professor Hector Bouricius. Yn ‘e bibliotheek fan ‘e Roemeenske Akademy fan Wittenskippen, Cluj-Napoca/Kolozsvár, haw ik yn ‘e simmer fan 1992 in eksimplaar fûn fan Lubbertus’ *De ecclesia libri sex* (Franekerae, Aegidius Radaeus, 1607), dat Valentinus Gathi Dobrai op 6 augustus 1623 te Frjentsjer kocht hat, sinj. <R 83558>; ferl. Postma, *Jaarboek Nederlands Genootschap van Bibliofielien* 1993, s. 31.
11. Faaks wie Caspar Korocz Szepsinus ein augustus 1623 noch net werom út Ingelân wei. Yn dat gefal soe er identyk wéze kinne mei de studint Caspar Corootz “Ungarus”, dy’t him op 24 september 1623 ynskriuwe liet, ferl. ASt 2061 (ferkeard: Coroetzi). Syn namme komt dan twaris yn it register foar.
12. Ferl. Friedlaender, *Die Matrikel der Universität Frankfurt a. O.*, bân I, s. 662–665 en Zoványi, ‘A magyarországi ifjak az Odera melletti frankfurti egyetemen’, yn: *Protestáns Szemle*, I (1889), s. 184. Sjoch ek: Sándor Ladányi, ‘Ungarische Studenten an der Universität Frankfurt an der Oder’, yn: *Frankfurter Beiträge zur Geschichte*, ôflevering XII (1984), s. 27–32.
13. By dy besite hat er Sibrandus Lubbertus ek persoanlik troffen, sjoch hjirboppe by noat 8.
14. Ferl. Achelis–Börtzler, *Die Matrikel des Gymnasium Illustre zu Bremen (1610–1810)*, s. 34 en Czegle, ‘A brémai fóiskola magyar diákjai (1618–1750)’, yn: *Irodalomtörténeti Közlemények*, LXXVIII (1974), s. 90–92.
15. Ferl. Postma, *Auf der Suche nach akademischen Drucken von Franeker (1585–1811) in den Spuren der Peregrinatio hungarica, Selectio I* (‘Hungarica’): s. 1–120 en Verzeichnis-

- se: s. 121–136. De titels dy't wy súnt 1984 úntdutsen hawwe, waarden al earder oan it yn 1995 publisearre *Auditorium Academiae Franekerensis* tafoege. Sjoch foar nije fynsten: *It Beaken*, LIX/3 (1997), s. 158–173.
16. Ferl. Van der Woude, *op. cit.*, s. 60–65.
17. Ferl. Péter Kulcsár (red.), *Szepsi Csombor Márton: Europica varietas*, Budapest 1979, s. 162 (dy útspraak, faaks in krityske reaksje op de theologyske konflikten fan dy dagen oan 'e Universiteit fan Leien, is mei-iens de titel fan ús artikel). Szepsi syn *Europica varietas* waard net earder as yn 1620 te Kassa printe, ferl. *RMNy* II 1219.
18. Hy is lichtwol it meast bekend fan syn metryske oersetting yn it Hongaarsk fan it Geneefiske Psalmboek (syn *Psalterium Ungaricum*, Herborn 1607), dy't yn 'e protestantske earetsjinst noch altiten songen wurdت, ferl. *RMNy* II 962.
19. Hy hie dêrfoar ek al (Dútsk) wurk fan Abraham Scultetus yn it Hongaarsk oerset, bygelyks dy syn *Kirchenpostill: Postilla Scultetica* (Oppenheim 1617). ferl. *RMNy* II 1144. Sy koene inoar al in hiel skoft en wiene – sjoch de hânskriftlike opdracht dy't híjnei komt – blykber goed op 'e hichte mei de dingen dy't elk fan har by de ein hie.
20. Eksimplaar: Provinciale Bibleek fan Fryslân. Ljouwert. sinj. <784 Gdg>.
21. De kritike posysje fan Heidelberg hie it oersetwurk fertrage. De 'versio hungarica' waard yn Hanau ("in exilio") printe. Sjoch foar in formele beschriwing fan it boek: *RMNy* II 1308. Op 17 juny 1624 joech Molnár yn Londen in eksimplaar fan syn oersetting oan George Abbot, aartsbiskop fan Canterbury, ek mei in wiidweidige hânskriftlike opdracht. ferl. Dán–Gömöri 'Szenci Molnár Albert Angliában', yn: *Irodalomtörténeti Közlemények*, LXXXIII (1979), s. 279.
22. Sjoch dêrfoar: Dézsi, *Szenczi Molnár Albert naplója*, s. 86 ("Hagae Comitis in Hollandia 1623"). Molnár syn diplomatiqe missy waard útfierd yn opdracht fan 'e sânbôarchske foarst. By dy missy wie ek Scultetus' skoansoan, Reinhard Wolff (Gvolfius), belutsen. – De foarôfgeande besite fan Scultetus en syn skoansoan aan Frjentsjer (sjoch boppe by noat 8) is yn dat ramt maklik te ferklarjen. Dy besite hat west yn 'e foarsimmer fan 1623, datstrykt mei de tiidoantsjutting – "nuper" – yn Scultetus syn oanbefellingsbrief ("ad rectorem").
23. Ferl. Dézsi, *op. cit.*, register fan persoanen (s.v. Felckmann). Molnár liet him op 22 jannewaris 1597 oan 'e universiteit fan Heidelberg ynskriuwe, ferl. Toepke, *op. cit.*, bâñ II, s. 187. Sjoch dêrfoar ek: Heltai, *Az OSzK Évkönyve 1980*, s. 325–326.
24. Sjoch dêrfoar: *ASi* 446 (ferkeard: Telceman). Hy liet him ynskriuwe ûnder it rektoraat fan professor Johannes Drusius. Hy kaam fan Kronstadt, no Brasov, Sânboargen (RO). Yn 1595 waard er studint oan 'e universiteit fan Heidelberg, ferl. Toepke, *op. cit.*, bâñ II, s. 177. De oefendisputaasje *Theses theologicae de papatu* fertigene er op 18 maart 1598 yn Heidelberg ûnder lieding fan professor Daniel Tossanus: *RMK* III 918. Sjoch ek: Heltai, *Az OSzK Évkönyve 1980*, s. 278 en Szabó-Tonk, *Erdélyiek egyetemjárása a korai újkorban 1521–1700*, s. 227 (nû. 2302).
25. Sjoch dêrfoar it *Auditorium Academiae Franekerensis*, s. 10–11 (s.v. Sibrandus Lubbertus). Wat de ôfkoartings oanbelanget, ferl. de 'Einführung' fan dy bibliografy. – N.B. Yn dat ramt moat derop wiisd wurde, dat it by de nûmers 1/1624.1 en 1/1624.4 te réden is om de eksimplaren fan it eardere Herfoarme gymnasium yn Szászváros, no Orăştie, Sânboargen (RO). Dy eksimplaren berêste tsjintwurdich yn 'e bibleek fan 'e Roemeenske Akademie fan Wittenskippen, Cluj-Napoca/Kolozsvár, ferl. Postma, *Jaarboek Nederlands Genootschap van Bibliofielien* 1993, s. 30–33. De nûmers 1/1624.2 en 1/1624.3 waarden ein 1993 oankocht troch de Hongaarske Nasjonale Bibleek (OSzB), Budapest, ferl. Antikwariaat Borda (Budapest), *Katalógus* 17 (1993), nû. 6430 en nû. 6445.
- Oangeande de fjouwer studinten út Bremen witte wy dat trije fan har letter yn har heitelân as dûmny wichtige posten yn 'e Herfoarme tsjerke beset hawwe: Tejfalvi te Beregszász, Mezőlaki te Fehérgyarmat en Gelei te Sziksó.
26. Dizze tekst is in bewurke ferzje fan it earste haadstik fan myn dissertaasje, sjoch híjfoar by noat 15.

Boarnen en literatuer

- Th.O. Achelis – A. Börtzler (red.), *Die Matrikel des Gymnasium Illustre zu Bremen 1610–1810*, Bremen 1968.
- G.A. Benrath (red.), *Die Selbstbiographie des Heidelberger Theologen und Hofpredigers Abraham Scultetus 1566–1624*, Karlsruhe 1966. – Ofk.: *Die Selbstbiographie des Abraham Scultetus*.
- Gedeon Borsa e.o. (red.), *Régi Magyarországi Nyomtatványok (1601–1635)*, Budapest 1983. – Ofk.: *RMNy* II.
- Gedeon Borsa e.o. (red.), *Régi Magyar Könyvtár; III/1–2* [Károly Szabó – Árpád Hellebrant (red.)], *Pótlások, kiegészítések, javítások*, bannen I–V, Budapest 1990–1996. – Ofk.: *RMKP*.
- H. Brugmans – F. Wachter (red.), *Briefwechsel des Ubbo Emmius*, bannen I–II, Aurich–s-Gravenhage 1911–1923.
- Imre Czegle, ‘A brémai főiskola magyar diákjai (1618–1750)’, yn: *Irodalomtörténeti Közlemények*, LXXVIII (1974), s. 88–103.
- Róbert Dán – György Gömöri, ‘Szenci Molnár Albert Angliában’, yn: *Irodalomtörténeti Közlemények*, LXXX III (1979), s. 278–280.
- Lajos Dézsi (red.), *Szenczi Molnár Albert naplója, levelezése és irományai*, Budapest 1898. – Ofk.: *Szenczi Molnár Albert naplója*.
- S.J. Fockema Andreea – Th.J. Meijer (red.), *Album Studiosorum Academiae Franekerensis (1585–1811, 1816–1844). I. Naamlijst der studenten*, Franeker, s.a. [1968]. – Ofk.: *ASt (mei it nûmer fan 'e ymmatrikulaasje)*.
- E. Friedlaender (red.), *Aeltere Universitäts-Matrikeln: I. Frankfurt a. O.*, bân I, Stuttgart 1887. – Ofk.: *Die Matrikel der Universität Frankfurt a. Oder*.
- János Heltai, ‘Adattár a heidelbergi egyetemen 1595–1621 között tanult magyarországi diákokról és pártfogóikról’, yn: *Az Országos Széchényi Könyvtár Évkönyve 1980*, Budapest 1982, s. 243–347. – Ofk.: *Az OSzK Évkönyve 1980*.
- Ferenc Postma, *Disputationes exercitii gratia. Een inventarisatie van disputationes verdedigd onder Sibrandus Lubbertus, Prof. Theol. te Franeker 1585–1625*, Amsterdam 1985. – Ofk.: *Disputationes*.
- Ferenc Postma, ‘Op zoek naar Franeker academisch drukwerk. Impressies van een drietal studiereizen naar Roemenië (1991–1993)’, yn: *Jaarboek van het Nederlands Genootschap van Biblioifielen* 1993, Amsterdam 1994, s. 27–47. – Ofk.: *Jaarboek Nederlands Genootschap van Biblioifielen 1993*.
- Ferenc Postma, *Auf der Suche nach akademischen Drucken von Franeker (1585–1811) in den Spuren der Peregrinatio hungarica*, Theol. Diss. Károli Gáspár Református Egyetem Budapest, 1995.
- F[erenc] Postma – J. van Sluis, *Auditorium Academiae Franekerensis. Bibliographie der Reden, Disputationen und Gelegenheitsdruckwerke der Universität und des Athenäums in Franeker 1585–1843*, Leeuwarden 1995. – Ofk.: *Auditorium Academiae Franekerensis*.
- Ferenc Postma, ‘Frustula Academica Franekerana. Eine erste Ergänzung zum Auditorium Academiae Franekerensis’, yn: *It Beaken*, LIX/3 (1997), s. 158–173. Idem yn: *Magyar Könyvszemle*, CXIV/1 (1998), s. 13–25.
- Károly Szabó – Árpád Hellebrant (red.), *Régi Magyar Könyvtár*, bân III/1–2, Budapest 1896–1898. – Ofk.: *RMK* III.

- Miklós Szabó – Sándor Tonk, *Erdélyiek egyetemjárása a korai újkorban 1521–1700*, Szeged 1992.
- Martin Tielke (red.), *Biographisches Lexikon für Ostfriesland*, bân I, Aurich 1993. – Ofk.: *Biographisches Lexikon für Ostfriesland*.
- G. Toepke (red.), *Die Matrikel der Universität Heidelberg*, bân II, Heidelberg 1886.
- C. van der Woude, *Sibrandus Lubbertus. Leven en werken, in het bijzonder naar zijn correspondentie*, Theol. Diss. Vrije Universiteit Amsterdam, Kampen 1963. – Ofk.: *Sibrandus Lubbertus*.
- Jenő Zoványi, ‘A magyarországi ifjak az Odera melletti frankfurti egyetemen’, yn: *Protestáns Szemle*, I (1889), s. 178–202.